

Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân
FNP, Dhr W. Veenstra
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 2 febrewaris 2021
Ferstjoerd, - 3 FEB. 2021

Ús merkteken : 01837066
Ôfd/Opjefte : Bestimming Fryslân
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer it krúspunt N369 en de Reitsmastrjitte by Harkema

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 18 desimber 2020, beântwurdzje wy as neikomt. Op 26 jannewaris II. hawwe jo in útstelbrief foar de beântwurding fan dizze fragen hân. De ôfstemming mei de gemeente gie flotter as tocht.

Jo ynljedende taljoching op de fragen:

Op it krúspunt fan de provinsjale wei N369 mei de Reitsmastrjitte en de Betonwei yn De Harkema hawwe de lêste jierren ferskate ûngelokken west. Yn tsjinstelling ta oare krúspunten yn de N369 is oant no ta net de kar makke om it krúspunt yn De Harkema feiliger te meitsjen.

Pleatslik belang fan De Harkema wol graach dat it krúspunt oanpakt wurdt om dêrmei it tal ûngelokken nei ûnder te krijen.

Fraach 1:

Is it kolleezje bekend mei de situaasje op it krúspunt N369- Betonwei-Reitsmastjitte yn De Harkema?

Antwurd fraach 1:

Ja, it kolleezje is bekend mei dizze sitewaasje.

Fraach 2:

Hat it kolleezje in folslein oersjoch fan de ûngelokken dy't yn de ôfrûne jierren op de it krúspunt west hawwe? Wol it kolleezje dy sifers mei ús diele?

Antwurd fraach 2:

At it giet om registraasje fan ûngemakken op ús diken, basearje wy ús yn begjinsel op de formele registraasje fan de plysje. Oare boarnen lyk as 'alarmeringen.nl' brûke wy net.

Foar it krúspunt N369 - Reitsmastrjitte steane dizze sifers hjirûnder úteinsetten yn in tabel.

Jier	Oantal ûngemakken	Oantal slachtoffers (sikehûs)	Oantal slachtoffers (deaden)
2020	2	-	-
2019	3	4	-
2018	-	-	-
2017	2	-	-
2016	1	-	-
2015	-	-	-
2014	-	-	-

Neffens dizze sifers, dy 't tebek geane oant en mei 2014:

- Hat der yn 2019 ien ûngemak west der 't fjouwer minsken letsel oprûn hawwe. Alle oare ûngemakken hawwe inkeld laad ta skea oan auto's;
- Docht bliken dat de ûngemakken net allegear plak fûn hawwe op de provinsjale dyk. De helte fan de ûngemakken hat plak fûn op de oanslúttings mei de gemeentlike parallel dyk lâns de N369.

Út dizze sifers kinne lykwols net sûnder mear konklúzjes lutsen wurde. Dêrfoar is in yntegrale analyse nedich.

Fraach 3:

Is it kolleezje ree om nei in feilige oplossing foar it krúspunt te sykjen, bygelyks mei in 'ovonde' of in 'bajonet'? As dat it gefal is, op wat termyn soe dy oplossing dan oanlein wurde kinne en hat it kolleezje in rûge skatting fan de kosten? Sa nee, wêrom net?

Antwurd fraach 3:

Yn 2017 is dit krúspunt op guon punten al justjes oanpast. Sa is de fytsoerstek feiliger makke. Ek binne de saneamde 'tapers' (heale foarsortearfakken foar it ôfslannde ferkear) fuort helle omdat út ûnderfining bliken docht dat dizze tapers liede ta ûngemakken mei hegere snelheden en dêrmei faaks ta gruttere gefolgen.

Yn de tarieding fan de oanpassings yn 2017 is sjoen of 't in rotonde as ovonde hjir in gaadlike oplossing wêze soe. Lykwols is der doe foar keazen om hjir dat net te realisearjen, benammen ek fanút it behâld fan de trochstreaming op de provinsjale dyk. Der lizze yn de N369 tusken Twizel en Drachten al ferskate ovondes en rotondes wêrmei de trochstreaming op de provinsjale dyk stadichaon hieltyd mear ûnder druk komt. Dêrby komt dat dizze dyk foar it ekseptionele en it gewoane frachtferkear wichtich is.

Nettsjinstearde de lêste oanpassings barre op dit krúspunt somtiden noch ûngemakken. Dat makket dat wy yntegraal sjen sille nei de ferkearsbewegings en de feiligens op dit krúspunt. Dat dogge wy tegearre mei de gemeente Achtkarspelen omdat hja as weibehearder ferantwurdlik is foar beide paralleldiken. Op grûn fan de útkomsten sille wy tegearre besjen of 't der oanfoljende oanpassings foar dit krúspunt winsklik binne. En at dit it gefal is, hokker maatregels dan it meast gaadlik binne. Earst dan kinne wy in útspraak dwaan oer in mooglike realisaasjetermyn en de kosten. Wit wol; op dit stuit stiet foar dit krúspunt noch gjin konkrete maatregel yn de planning.

Sadree 't mear bekend is oer de útkomsten fan de analyse, bringe wy jo hjirfan op 'e hichte.

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter

 foar dizze, de loko-provinsjesekretaris

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris